



aal en leauwe

As ik foargean
moast yn Fryslân,
naam ik har -hup!
yn 'e rolstoel- mei

poplieten út de sixties en seventies oer yn it Frysk. Dizze lieten dy't faak in religieuze achtergrûn of boadskip hawwe, brûkt er yn syn tsjinsten, mar ek as strjitemuzikant. „It is dan krekt as eigenje jo dy lieten josels dan ta. De measte minsken kenne dizze lieten allinne mar yn it Ingelsk en dan ek noch in bytsje heal heal. Troch sa'n tekst yn it Frysk te fertalen en yn in Fryske kontekst te setten, -tink oan de Súdwesthoeke, de Boschplaat, de Jouwer of Aldemardum- komt sa'n liet hiel oars binnen. Dêrby komt dat it Frysk yn klank hiel tichteby it Ingelsk leit.”

Dat de ferfryske poplieten sa binnen komme kinne, makke hy sels yn 2009 yngeand mei. „In wike foar myn jierlikse Tsjoch-optreden ferstoar ús mem.” Rinsma wit it noch goed. „Doe't ik it liet *Op myn boat mei brûzjend skom song*, in Fryske oersetting fan *Take me home, countryroads* fan John Denver, barde der wat mei my en mei de seal.” Op de fraach wat der krekt barde, bliuwt it in skoftke stil. „Eins haw ik der gjin wurden foar”, ferfolget er dan, „mar it fielde as waard ik optild. It wie as wie ús mem

derby en gie de himel iepen.” Wylst hy song, wist hy dat de seal itselde fielde. „Kenst de film *The Doors* oer Jim Morrison mei dy âlde sjamaan? Dêr docht it my oan tinken. Ik fielde as stie ik dêr net allinnich.”

Oare oarder

Oft er dat faker meimakke hat? „Ik wie hjir noch mar trije moanne predikant doe't ik in begraffenis hie fan noch in jonge fint. Hy hie o sa fan it silen west. By it tarieden betocht ik my dat it miskien wol moai wie om healwei de preek de Fryske oersetting fan it liet *I'm sailing* fan Rod Stewart te sjongen.” Doe't it safier wie, kaam op 'e nij datselde gefoel oer him en de gemeente: „it wie fan in oare oarder. Krekt as waard troch dy Fryske oersetting dy't ik sa tichteby lokalisearre hie, wat iepenbrutsen. It wie op 'e nij as gie de himel iepen en waarden de libbenen mei de deaden ferbûn.” Nei it liet gie Rinsma gewoan fierder mei de preek, mar hy fielde dat de minsken oars harken. „Se stiene iepen, miskien wol krekt sa iepen as ik.” Ek dêrnei barde dat gefoel fan transparânsje noch in pear kear. „Ik wist dat ik mei it sjongen fan dy ferfryske poplieten wat yn hannen hie wat de Friezen djip yn it moed taaste, mar wát?” Blykber kamen dizze poplieten sa yntins binnen trochdat it brocht waard yn de eigen taal en -kontekst. „Doe wist ik dat hjir myn missy lei. Dit wie it plak dêr't ik wêze woe.”

En hy gong fierder op dat spoor. Sa hâlde er twa jier lyn mei gospelrockband Grace foar it earst in Top2000-tsjinst mei bekende poplieten út de Top 2000 dy't er ferbynt mei lêzingen

út de bibel en de preek. „De tsjinst eindigje wy mei *In nije dei* fan De Kast. It bysûndere is dat sa'n liet yn in religieuze setting ek in religieuze lading kriget. Yn 'e tsjinst waard it echt in peaskeliet.” Nei ôfrin reagearde ds P. Miedema mei de folgjende wurden: „Kennelijk is er nog een ander liedboek in de hoofden en harten van de kerkgangers. Het liedboek van de Top2000. [...] Deze liederen zijn veel meer dan de populaire deuntjes van de radio, ze vertellen ook waar we waren toen we dit nummer hoorden en wat we deden en in welke stemming we verkeerden. Aan de hand van de nummers komt het andere verhaal van ons leven langs en dat verhaal is heus niet alleen maar seks en drugs en rock en roll, het gaat ook over geloof en over de vraag wie ik ben en wie mijn vrienden zijn en waar ik troost vind als ik alles kwijt-raak. Kortom het zijn de eeuwige vragen die mensen aan zichzelf en aan elkaar stellen, binnen en buiten de kerk.”

As Rinsma in ferbining lizze kin tusken it Frysk eigene, it leauwe en muzyk lykas de top 2000, „lieten dy't lykas de bibel ek oer alle fasetten fan it libben geane”, is er op syn plak. „Dêr bin ik dan ek altyd nei op 'e syk. Nei Fryske lieten dy't yn it moed taaste, dy't dy cross over yn harren hawwe, dy't jo yn alle fezels reitsje. Dat kin in liet wêze as *Hear, wês mei my oant in oare kear* fan prof dr B. Fridsma, in liet as *God fan fier en hein* fan Eppie Dam en Hindrik van der Meer, mar ek bygelyks sa'n liet as *As it myn tiid is* fan sjonger Gurbe Douwstra.